

# SJOCH ÚS TALEKNOBBELS!



Tekst en foto's: Atsje de Vries

Taleknobbels... dy ha se wol op 'e Willem Alexanderskoalle yn Ljouwert. Tsjek rekke oan 'e praat mei 9 bern dy't mei-inoar wol 11 talen sprekke. Guon bern kinne allinne al 7 talen! Wow! De Willem Alexanderskoalle docht tegearre mei tsien oare skoallen út Ljouwert mei oan *Taal in beeld*. Dat projekt bringt, de namme seit it al, de talen dy't yn Ljouwert sprutsen wurde yn byld.



**Priyanka:** Yn twatallen ha we posters makke mei dêrop ien sin yn in taal dy't we sprekke. In sin dy't foar ús, of foar ús âlders, wat betsjut. Ik ha in poster makke mei in protte hertsjes en 'ik hâld fan dy' yn it Surinaamsk. Dat is in ferske dat myn heit wolris sjongt. Sels kin ik net sa goed Surinaamsk, mar in pear wurdjes.

**Rishayan:** Myn beide âlders binne Surinaamsk, dy taal sprekke we thús ek.

## 'Foar de kofje net eamelje' sjogge we ek op in poster. Dy taal kenne we!

**Jael:** Myn heit hat it betocht, it is gewoan in grappige sin. Fan dit hiele projekt fûn ik it meitsjen fan de poster it moaist.

**Maja:** Ik fûn it ek in leuk projekt, mar wol dreech om ien sa'n moaie sin te betinken. Foar ús poster hat de mem fan Kaylene him betocht.

**Kaylene:** Myn mem komt út Maleisië. Dizze sin betsjut datst tefreden wêze moastst ast foldwaande hast. Dat seit se wolris tsjin minsken dy't altyd mar mear en mear wolle. Mem hat ús ek holpen mei de tekens. Want ik lear no wol om Maleis te praten, mar skriuwe is nóch lestiger!

## Op in moaie poster mei in hûs en in iepen doar derop stiet yn it Poalsk 'yn dit hûs is elk wolkom'.

**Florentyna:** Myn mem komt út Poalen en dizze sin komt út in ferske. Se fynt it hiel belangryk dat minsken wat iepener wurde en ek de doar iepen sette foar oaren. Ik kin Poalsk prate en lêze, mar ek Dútsk, Nederlânsk fansels en Ingelsk, Spaansk, Frâns en Frysk allegearre in bytsje.

**Marthe:** Ik sit yn in plusklasse en lear dêr al Frânsk. En ik kin ek ien sintsje Latyn.

**Simon:** Ik kin ek Ingelsk, Frysk, Nederlânsk, Poalsk, Dútsk en in bytsje Frânsk.

**Ilse:** De posters dy't we makke ha komme aansen grut rûnom de skoalle te hingjen. Foar guon âlders is it hiel spesjaal dat harren eigen taal aansen écht yn byld is. En fierder ha we foar dit projekt in eigen taal betocht en we ha ûndersyk dien nei watfoar talen wy no eins wêr sprekke. Thús, by pake en beppe, yn 'e winkel, op skoalle: oeral brûke we in oare taal.

## Fan elkenien út 'e klasse sprekt Kaylene noch wol de measte talen. Sân!

**Kaylene:** Ik bin no Maleis oan it learen, kin ek Nederlânsk fansels, Ingelsk, in bytsje Frysk, Sineesk, in hiel lyts bytsje Mandarijn (net it fruit, mar in Sineeske taal) en in pear wurdjes Frânsk.

